

# STONG

## JUNIOR

### Lesbrief - Rockstar



### OBS Thrimwalda- Rockstar

Ik bin de rockstar fan de keuken  
Iten stiet by my op nûmer ien  
Asto by my komst te iten  
Krij ik fan dy op smaak in dikke tsien

Ik hâld fan iten sûnder priuwen  
Giet gjin dei foarby  
Fan fisk mei sipels  
Oant in crème brûlée mei hite brij  
Fan foe yong hai oant sushi en ek wat krokante pyk  
Myn veggie tapas yn wat orzo binne hiel unyk

Ik hâld fan iten  
lekker iten alle dagen wer  
Der komt in dei dan ha ik sels  
myn eigen Michelin-stjer

#### Refrein

Ik bin de rockstar fan de keuken  
Iten stiet by my op nûmer ien  
Asto ris by my komst te iten,  
Krij ik fan dy op smaak in dikke tsien

Ik ha dus krekt wer wat betocht mei seewier en wat sâlt  
Mei smashed potatoes út 'e oven is wêr'tsto fan hâldst  
En jûn in grutte groep fan tweintich lekker à la carte  
Se sille hearlik ite want it giet my oan it hart

#### Refrein

Ik bin de rockstar fan de keuken  
Iten stiet by my op nûmer ien  
Asto by my komst te iten,  
Krij ik fan dy op smaak in dikke tsien

Ik bin gelokkich yn de keuken  
It is it aldermoaiste fak  
Dêr't wy smaken kombinearje  
Ik sied de pannen fan it dak

#### Refrein

Ik bin de rockstar fan de keuken  
Iten stiet by my op nûmer ien  
Asto ris by my komst te iten  
Krij ik fan dy op smaak in dikke tsien

# Aktiviteit 1: Filosofearje oer it nûmer

Groepsopdracht (lústerje en prate)



Mei de hiele groep sille jimme filosofearje oer it nûmer Rockstar.  
Brûk dêrfoar de fragen dy't hjirûnder steane en gean mei-inoar yn diskusje.

## FILOSOFYSKE FRAGEN:

### STAP 1:


Wat asto altyd sels bepale mochtest watsto ytst?

Wat makket yts lekker?

Is lekker foar elkenien gelyk?

### STAP 2:

Meitsje in kwadrant fan "net lekker" nei "hiel lekker" op de x as en "sûn" nei "net sûn" op de y-as. Folje safolle mooglik iten yn yn it kwadrant (bygelyks patat, spinaazje, avokado, aai, spaghetti, dropkes)



Wat is filosofearjen, hoe dogge je dat?

Filosofearje is mei-inoar neitinke oer spesjale fragen dêr't gjin goede antwurden op besteane. Foar dy filosofyske fragen is dus gjin antwurdeboekje. Mar jimme kinne wol besykje om mei-inoar ta in antwurd te kommen. Doch dat troch earst nei te tinken en antwurden te jaan mei arguminten. Dat betsjut dat jim net allinne mei ja of nee antwurdzje, mar ek fertelle wêrom't jim dat tinke. Sa hoecht gjinien bang te wêzen om wat te sizzen, want der binne gjin ferkearde antwurden. As dat net cool is! O ja... it mei-inoar neitinken en praten giet it bêste as jim gewoan kletse, sûnder fingers en beurten. Fertel wat jim tinke en stel fragen lykas 'Wat bedoelst? Wêrom tinkst dat? Wa tinkt wat oars?'. Sa wurde jim allegearre in stikje wizer oer de wrâld. Haw wille... tink dy tûk!

# Aktiviteit 2: Lienwurden

Yndividueel (skriuwe)



## STAP 1:

Yn de tekst stean in soad wurden út oare talen dan it Frysk.  
Guon hjirfan binne lienwurden, dy brûke wy ek yn it Frysk, oaren noch net.  
Skriuw minimaal 5 fan dy wurden op.

---

---

---

---

---

---

## STAP 2:

Betink foar ien fan de lienwurden út it earste kûplet in Fryske fariant.

---

# Aktiviteit 3: Skriuw dyn eigen veggie-rap

Twatalen/Groepkes (skriuwe, prate)



## STAP 1:

Wat fine jim lekker?

Wat foar yngredienten moatte der op jim veggie-wrap en skriuw út hoe'sto it klearmakkest.

Mei oare wurden: skriuw it resept út.

---

---

---

---

---

---

---

## STAP 2:

Kies ien beat foar de hiele klasse, foarbylden stean op [sjong.frl](http://sjong.frl). (in eigen beat kin fansels ek)

## STAP 3:

Begjin mei it skriuwen fan de tekst.

Ferwurkje it resept fan stap 1 en tink nei oer rymwurden om der in rinnende Sjongtekst fan te meitsjen.

---

---

---

---

---

---

---

## STAP 4:

Doch yn de klasse in wrap-battle.

## EKSTRA STAP:

Priuwopdracht

Meitsje mei de klasse de veggie raps dy't betocht binne yn de rap opdracht en meitsje der in priuwerij fan.